

In Hollânske grêfstien foar Huismans?

Friesch Dagblad
Zaterdag 1 maart 2014

Koen Zondag

It is tongersdei 23 july 1925, in moaie simmerdei. Op it Loaiïngeaster tsjerkhôf stiet in espeltsje minsken by in grêf. Ien fan harren, dûmny E. van der Laan fan Eanjum, komt nei foaren. Nefens it ferslach yn it *Friesch Dagblad* fertelt er dat it in jier lyn is dat 'het stoffelijk overschot van dominee Sipke Huismans aan de schoot der aarde werd toevertrouwd. Thans is men bijeen om deze grafsteen van de kerken van Anjum, Zevenhoven en Doetinchem daar gesteld, over te dragen aan de familie. Het initiatief tot de plaatsing is uitgegaan van Anjum en dat laat zich verstaan.'

Ofwêzich

Dûmny Sipke Huismans (1873-1924) waard priizge foar alle wurk dat er as dûmny foar Eanjum, de griffomearde tsjerken yn en bûten Fryslân en as kolumnist (ûnder it pseudonym 'Poortwachter') dien hat: 'Hij wilde ... den God der waarheid dienen. Wel kon hij soms de dingen scherp zeggen, maar hij zag de dingen ook zoo scherp. Steen is hard en koud. Maar toch spreekt deze steen van de warme liefde en sympathie, die aan ds. H. werd toegedragen.'

Ek de twadde sprekker, de Snitser dûmny H. Dethmers (de skoanheit fan in soan fan Huismans), stiek de loftrumpet oer de ferstoarne: hy fertsjinniet ús tank en wurdearring as tsjinner fan it Wurd. 'Maar ook

was hij een vurig Fries.' En dêrom hie de sprekker 'ook van anderen kant ... bewijzen van sympathie verwacht.' Hy bedoelde it *Kristlik Frysk Selskip*, de organisaasje der't Huismans de oprjochter fan wie. It haadbestjoer ûntbriek by it oerdragen fan de stien oan de famylje.

Hawwe de KFS-mannen dan neat dien? Ja, in lyts bytsje. Yn syn gearkomste fan 6 desimber 1924 stelde in lid foar om kontakt te sykjen mei mefrou Huismans 'om it safier to

krijen dat, as de famylje in stien op it grêf fan ds. Huismans set, it opskrift yn it Frysk wirdt.' In noedlike saak oardielje de oaren, 'mar it ein is dat allegear sizze; as Kamerling it Mefrou ris skriuwe wol, wie dat de bêste wei' (*stavering oanpast*). Yn de oantekens fan it haadbestjoer is fierder neat te finen oer in grêfstien, wol oer *Ta in tinkstien* (Boalsert 1927), in troch Wumkes besoarge bondel mei tsapranken en brieven fan Huismans.

De Eanjumer tsjerkeried wie fan betinken dat de lêste gemeente dy't dûmny Huismans tsjinne hie (Doetinchem, 1916-1924) de 'stoot' jaan moatte soe ta it pleatsen fan in tinkstien, mar doe't dy tsjerke neat die naam Eanjum de leie yn hannen. Der giene brieven nei de tsjerken fan Zevenhoven en Doetinchem oer in finansjele bydrage. Dat levere fyftjin gûne op, in tsiende part fan de kosten. Miskien soe it tekoart mei in 'rondgang' byelkoar

swile wurde kinne. In oare offerte wie lokkich aardich leger, mar de bruorren wiene wol fernuvere dat de letters en it ferfier noch apart betelle wurden moasten. Der kaam noch tritich gûne by, in rare ôfdiijer.

De plannen waarden útfierd nei oerlis mei mefrou Huismans. Hja wie optein oer it plan. Se frege oft se in tankwurd útsprekke mocht. Jawis, mar wêr? Nei in wiidweidich petear naam de tsjerkeried mei ien stim tsjin it beslút dat mefrou foar dy gelegenheid op 'e kânsel mocht. De sekuere skriba fan de tsjerkeried, master Pieter Hellinga, fertelt lykwols net wannear't dy sprekkerij plakfûn hat. De spiegel bliuwt beslein; wy moatte it dwaan mei riedsels.

Der is in ferhaal dat Doetinchem beswier hie tsjin in Fryske tekst, mar yn de oantekens fan de gemeente út dat plak ha ik dêroer neat fine kinnen. Neffens my wie it brûken fan it Frysk (yn ortodokse fermiddens) sa ûngewoan dat it jildende patroan ûnbewust folge is: teksten op grêfstienen hearden yn it Hollânsk. Troch de dominânsje fan dy taal lieten de minsken fan belêze. Dat proses giet noch altyd troch.

► Dit artikel is in oanfolling op myn bydrage oer it Frysk yn tsjerke yn *Historisch Tijdschrift Gereformeerde Kerken Nederland*. Ik sis ds. Jan Popkema tank foar de gegevens oer it haadbestjoer fan it KFS



Lofts de grêfstien fan dû. Sipke Huismans op it Loaiïngeaster tsjerkhôf. Derneist lizze syn frou Dieuwke Rosalina Banda en soan Feltje begroeven. Foto: Simon Bleeker